



Wy noadigje jimme út om
op **11 septimber 2013** by de
earste byienkomst fan it het
jongereintoaniel fan Fuort
Mar Los te wêzen


Tiid:
18.30 – 20.00

Plak: Toanielseal
Noflik Easterein

Ofmelde fia:
akke.veldman@ziggo.nl

Lit dy ferrasse!

JONGEREINTOANIEL FUORT MAR LOS



Wy binne al los, mar _____ asto

hiel _____  _____ fluch bist ____

Hoera, wy binne los. Alve entûsjaste jongeren út Easterein, Itens en Rien hawwe harren oanmelden foar it jongereintoaniel fan *Fuort mar los*. De earste les wie op 11 septimber: hjir ha we spultsjes dien om mei elkoar yn 'e kunde te kommen, ymprovisaasje-oefenings en in moardspul ûnder lieding fan regisseur Agatha Roozendaal. Nei de earste les is ien ding dúdlik: der is genôch talint!







It is foar 't earst dat der toaniel foar jongerein organisearre wurdt. En dat moast fansels ek fierd wurde. Neist in drankje foar elkenien, wie der ek in grutte taart mei kearskes. Mei it útblazen fan de kearskes en in taspraak fan Halbe Overal, de foarsitter fan *Fuort mar los*, gong it earste seizoen fan it jongereintoaniel offisjeel fan start.


Der komt fansels ek in toanielfoarstelling, dy't spile wurd troch de jongerein sels: wat, wêr en wannear wurdt letter noch bekend makke.



ÚTNOEGING JONGEREINTOANIEL



11 SEPTIMBER





De toaniellessen en repetysjes fine plak yn Noflik Easterein, sponser fan it jongereintoaniel. De lessen en repetysjes binne op woansdei en duorje fan 18.30 oant 20.00 oere. Underwilens ha al mear jongeren harren oanmelden foar toaniel. Mar..... asto ek noch graach meidwaan wolst en do bist âlve jier as âlder? Dan kinsto dy noch opjaan, mar allinnich asto hiël, hiël, hiël fluch bist. Meld dy oan by Akke Veldman: akke.veldman@ziggo.nl

Ut namme fan de jeugdkommisje fan *Fuort mar los*,
Akke Veldman

eelkje's *net te leauwen* yllúzjenaasjes



spile troch *jongerein* fuort mar los
5 april *yn noflik easterein* 19.30

€ 5, 00 foar folwoeksenen

foar bern € 2, 50

it toanielstik giet oer Eelkje. Eelkje sit mei har heit en mem yn de wachtkeamer by de dokter, omdat Eelkje yllúzjenaasjes hat. Heit en mem kinne it eins net útlizze, dus docht Eelkje it sels. Ut har ferhalen komme in tal yllúzjenaasjes nei foaren, dy't it publyk te sjen krijt. De dokter fynt it in ynteressant gefal, neffens har is der neat bard en bestean de yllúzjenaasjes allinne mar yn de fantasy fan Eelkje en har âlders. Hat de dokter gelyk as kin nimmen – ek it publyk net – ûntsnappe oan Eelkje's net te leauwen yllúzjenaasjes?

skriuwer Allan Ayckbourn, **fryske oersetting** Piter van der Veen.

spile troch Ima Algera, Elbrich Bouma, Remon Bouma, Janieke Dijkstra, Martzen Kooistra, Sydrik Kooistra, Jeljer Overal, Miriam Punter, Jeska Terpstra, Jitske Veldman, Machtelt Veldman, Sarina de Vreugd en Geeske de Vries.

rezjy Agatha Roozendaal.

dekor Siebolt Bouma, Gerlof Dijkstra, Halbe Overal, Ype Tiemersma en Thom Veldman, **lûd** Jelmer Kingma, **ljocht** Theo de Jong, **grime** Ria Dijkstra, **begelieding** Siebolt Bouma, Baukje de Jong, Friek Kosse en Akke Veldman, **fotografy** Paul de Bruin.

sponsors jongereintoaniel Van der Eems en Noflik Easterein.

kaarten De tagong is € 5, - foar folwoeksenen en € 2, 50 foar bern. De kassa is in heal oere foar de foarstelling iepen.

nei ôfrin Disko foar de bern en gesellich neisitte foar de folwoeksenen.



toanielferiening
FUORT MAR LOS
Easterein

spilet

op

sneon

08 maart
(14:00)

freed

14 maart
(19:00)

en

sneon

15 maart
(20:00)

De Magnetron




skreaun troch: Bonne Stienstra

Yn

Restaurant
Noflik Bergsma
Easterein

Tagong €7,50
(foar bern €3)



Toanielferiening Fuort mar Los Easterein

Der wurdt drok oefene foar de útfiering op 8, 14 en 15 maart 2014.

It stik hjit 'De magnetron'. It giet oer Fokke, in man allinne, sûnder alle hjoeddeiske geriif fan masines en apparaten. Kontakt hat hy allinne mei de buorlju. Bûtensteanders fine it by him yn'e hûs in grutte binde, mar Fokke is der lokkich mei. De gemeente is lykwols fan betinken dat der wat oan dien wurde moat en stjoert in maatskiplik wurkster op ûndersyk út. It frommeske wit Fokke safier te krijen dat hy in wike by har yn'e húshâlding sil. Der moat him wat hygiêne en beskaving bybrocht wurde. In gruttere tsjinstelling as tusken it frije, rêstige, natuerlike libben fan Fokke en it fleanen en jachtsjen yn'e húshâlding fan de maatskiplik wurkster is der net te betinken. De útfanhûzerij mislearret dan ek folslein.

Fuort mar los docht dit jier mei oan de aksje Rabo ledesponsering. Jo kinne yn desimber op ús stimme fia http://www.rabobank.nl/particulieren/lokalebanken/sneek-zwf/ledenvoordeel/rabo_ledensponsoring/ Hjirmei stypje jo de toanielferiening.

Foar no winsket de spilersgroep, jong en âld, it bestjoer en de jongereinkommisje fan 'Fuort mar los' jimme in moaie desimbermoanne en foar 2014: **FOLLE LOK & SEINE**

Bestjoer **toanielferiening Fuort mar los**,
Halbe, Petra, Karin, Ype en Yvonne
Jongereinkommisje: Friek, Akke, Baukje en Siebolt

It ferhaal:

It ferhaal giet oer Fokke, in man allinne, sûnder alle hjoeddeiske geriif fan masines en apparaten. Kontakt hat hy allinne mei de buorlju. Bûtensteanders fine it by him yn'e hûs in grutte binde, mar Fokke is der lokkich mei. De gemeente is lykwols fan betinken dat der wat oan dien wurde moat en stjoert in maatskiplik wurkster op ûndersyk út en dat set syn rêstige libben alhiel op de kop.....

Spilers:

Fokke Heeringa	: man allinne	<i>Berend Santema</i>
Jelle Boersma	: syn buorman	<i>Geert Couperus</i>
Tine Boersma	: frou fan Jelle	<i>Baukje de Jong</i>
Mirjam de Groot	: maatskiplik wurkster	<i>Gabriele Bouma</i>
Gerrie de Groot	: har frou	<i>Karin Sjaarda</i>
Sander	: de soan	<i>Siebolt Bouma</i>
Nynke	: de dochter	<i>Mirjam Okkema</i>

Kaarten en frijkaarten :

De tagong is € 7,50 foar folwoeksenen en € 3, - foar bern. De kassa is in heal oere foar de foarstelling iepen. Eltsenien die gebrûk makket fan de automatische oerskriuwing kin fanôf dan de frijkaart(en) ôfhelje.

Ekstra ynformaasje matineefoarstelling sneon 8 maart (14:00)

(foar minsken fan 60 jier en âlder)

As je net yn de gelegenheid binne om sels te kommen is der in mooglikheid dat je ophelle en wer thûs brocht wurde. Liket jo dit wat nim dan foar woansdei 5 maart efkes kontakt op mei Halbe Overal (332011) as Yvonne van Beem (06-36075726).

We winskje jo in noflike middei/jûn ta!

